

Beste Linke Leo,

Hjoed de leste wedstryd van dit seizoen. Mar ek de leste wedstryd van Linke Leo. Trije jier lyn kaam dizze welbespraakte Noard-Hollander it Sportpark Douwekamp oprinnen. Hy hie in lêstiche taak om de populaire Dr Dre te ferfangen.

In kreas prûkje swart hier, briltsje op de foarholle en energy foar tritich. Prate, dat kin er, hy hat tiid foar eltsenien. Donker, ljocht, dik, dun of in dameskoor, voor een ieder een luisterend oor.

Syn grutte hobby is op de merke te ferkeapjen. Autokes, klean, spjeldsjes en skoun. Alles waait oer de toanbank. At it moat ferkeapet er selfs syn freondin Etty. "Wie maakt me los, ben al jaren de klos. Koop dit shirt van Heerenveen voor 20 euro of zo, dan krijg je Etty cadeau"

Dan de besprekingen. Dat moast wol efkes wenne. Opbouend krytische opmerkingen waarden altyd foarof of nei de tiid folge troch: "Ik wil je niet tekort doen" of "sorry dat ik je naam noem". Altyd in gentleman dizze Leo. Wer komt dan dy bynamme "link" wei? no freechje dat mar oan spilers dy't kritiek hienen op de skiedsrjochter of op Leo under de wedstryd..

Yn it begjin wie alles KLASSE, dat wurd kaam ongeveer elke 3 sinnen foarby. It leste seizoen hearre we dat net sa faak mear, miskien hat Leo eindelyk ynsjoen dat we net safolle klasse ha. Dit steltsje ongeregeld docht faak mar wat, mar wat fyne de tsjinstanders dat somtiden irritant!
Leo hat ek in oare beleving van tiid. Eventjes 2 minuten dourre by him in kertier. Ik ha medelijden mei al dy treners fan de jeugd wer't er 10 minuten gesprekken mei hat....

En dan de groep, in kakelbonte fersameling fan ferskillende persoanlikheden. Dy Leo hat wat te stellen mei dit clubke mafketels.

Technisch hart:

Nico: Gjin triedsje mear yn it hier, mar as assistent leider/coach yn it spier. We missen syn linkerpoatsje danig, mar as serieus analyst weert er sich kranig. Heit wurden, dus wat faker op'e polle, mar oar jier sil it wer heve hat er sein. Hopelijk hâld de knibbel it goed en reint it wer crosspasses op Douwekamp.

Sjoerd M.: Terrier fan weleer, spilet net mei mar is wol belangryk foar de ploech. Net allinnich troch syn goeie organisatorische talinten, mar flagget as in beest. Skelt mei in glimlach de tsjinstanders ferrot en pakt sa punten foar de ploech. Mwoah punten ha we net safolle, litte we it op it foarkommen fan tsjingoals halde.

De lappenmand:

Rutmer: Sinnebril op'e kop. Stive nekke at der in moai chickie rinnen sjocht. Dizze stylist hinget ek de skoun oan de wilgen, want hy stjit op de swarte list fan is sikefonds. It lichem kin dit ekstreme hege nivo net mear oan. Tiid genoch om tiid en ek wat oars yn de frou te stekken. Wat resultearre yn in prachtige dochter Tess. Bin benijd wat er docht oer in pear jier at der in opsketten jonkje fan in jier op sechtjin mei in sinnebril op nei it kotsje fan syn dochter loert..

Freddy: Us man fan gles, at er in boerke lit hat er in ferrekte slokdarm. Wat hat er net hân, we kin de wol in boek oer skriuwe. Mar wat ha we em mist yn ferdedigjende sin. Mar syn Fokje, daar moest ook een piemel yn. Jorn rint no troch it hús en der is der mar wat wiis mei. In grutte bek, mar in lyts hertsje. Hopelijk sjit Taeke him net foar de kop.

Willem: Woeste Willem wie yn de foarm fan syn lefen. Mar ek unbrekberre spilers kinne kapot. Lit dizze mig los yn de arena en de tsjinstanders witte net wer't se it sykje moatte. Stille genietter dizze vent, moai dat je er vandaag bij bent!

Rein: Keapte dit jier yn it tredde, maar dizze handelaar yn pykefretten hat jierren sich foar ONT 2 op betrouwbare wize ynsetten. Hie yn't ferliene in lek sekje en dit jier yn syn earm in ferfelend brekje. Mar de ljochten stjin wer op grien, oar jier wer under de latte gelokkich.

Dan de fitte spilers:

Hedzer: Welke smoes ha we net heard, hy wie faak te let. Lekke bannen, net startende auto of oerstekkende kij, elke kear wie it ferhaal wer nij. Ek wolris wat te let op bed, fan it bier net gau sed. Hokt mei trije fan dy oare bongels. Keepe kin der wol, hat dit jier folle leart. Gong net altyd goed, sommige ballen sykje se noch. Mar it komt wol goed, set mar lekker troch.

Albert: Jezus, wat in energie. Albert soarget foar reuring yn de groep. Hy rint as in soart fan bowlingbal oer it fjild, de spilers brukt er as kegels. En dan net allinich yn wedstriden, mar ek op de trening. Dit is in gefaltsje fan bllid dat ik mei en net tsjin him spylje. Hy hat it rinnen wol op in baarch leart, of net Pietertje Panna?

Remco: De benjamin fan dizze groep. Restich mei folle potentie.. Dat ha we yn Grins wol sjoen.. Foar de earste kear buten Drachten op stap. De glinster eachjes at er wer in koart rokje of strak topke lânskommen seach. De takomst foar ONT 2, dat komt wol goed oar jier!

Sjoerd: De oare fjirticher fan de seleksje. Noch altyd sa fanatyk as in liuw. Koppe kin der as de beste. Docht elke tongersdje de ljochten ut yn de kantine. Foun it ein nei hús te fier rinnen en is dêrom mar ferhúze, kin no krupend nei hus.

Rudolf: Fêst lid van ONT 2 en de A-seleksje. Foar 90% stofsoeger, mar ek foar 10% onberekenbaar. Hakje hier, terugspeelballetje daar. Ek heit wurden, wat in fruchtbaar team is dit eins. Ruudje praat hast krekt safolle yn it fjild as Leo oan de lijn.

Pier: De stille kracht fan ONT 2. Altyd present, mits blesseart. We ha op de trouwerij fan syn broer in oare kant sjoen, dussss. At dizze jonge skoart binne it allinich mar moaie goals. Gjit foar de twadde kear ut hus, wenne by skoanmem en heit mar hat no in eigen huske kocht en gjit ek noch trouen. Sterkte..

Martin: Duracell Martin batst dwers troch alles hinne. De oerkreten fleane oer it fjild. Hy halt altyd lest fan in spier of skonk, mar stopje stjit net yn syn wurdeboek. Hy rint it keunstgers ut it fjild, mar in bal rjocht foarut skoppe moat er noch wat better leare.

Wietze: De Âldste strider fan it stel. Noch jong fan hert, mar it lichaam wol net altyd mear wat it brein betinkt. Dan mar wat gemeen en ferfelend weze tinkt er dan, der fynt syn Fokje it seine fan. At de fluit gjit, wurd de rollator parkeart, en krijt in oar de reade kaarten..

Arjan: Kokkie Kamstra blinder blinder, is in fêste klant op Tinder. Swipet sich in ungelok tusken it itensieren troch. Dizze spiler komst in kear of twintich tsjin yn it fjild. Tomeloze ynset yn it fjild en op de tillefoan.

Taeke: De Hunter jaget op goals, mar rekket mear goazen dan it net. Is de leste wiken net fan de bal te krijen, de beste man fan it fjild nei de winterstop. Skoart yn de kroeg mear dan yn it fjild, mar dat leit net oan him.

Beam: Use heareboer kreupelt geregeld oer it fjild. Krijt foar syn molke fiersten te min jild. Mar seurt noait, altyd posytif. Docht er mei, wol der altyd foarút. Stjit regelmatig ien op de teannen, of slaggt mei syn takken om sich hinne. Net sa fit dit jier, mar we kin him net misse..

Sietze: Mini Beam foar intimi, wol stopje nei dit seizoen. Reden: Freonen helpe mei ferhuzje en klusjes dwaan. Ik freechje my don of, hoefolle freonen hast don wol net??? Wachtsje mar of, Antje skopt dy binnen 2 moannen wer nei Douwekamp. Bytsje lui mar technisch vernuft, stjit der wissel en falt der yn, no bergje dy dan mar. As in dolle bolle snuft en stowt er oer it fjild en tsjinstanders moatte springe foar it lefen.

Jeen: Dizze auto ferkeaper hat in fjouwerkant ear, mei it logo fan syn tillefoan deryn. Delegeare moat er noch leare. It is selfs sa slim, dat dat ding mei moat yn de warming-up en dan sleept er em ek noch wolris wei. Nij yn de seleksje, moat noch wol wat wenne, mar set altyd troch en lit him net kenne.

Gerrit-Jan: Tsja, foarmalig oanfierder fan iet earste miste it spulstje sa. Gedreven slút er oan by us groepke halzen, mar hy wie al gau genezen. Sunder keeper fourt, dat sil my net gebeure. De knop moat om jong en fierder net mear seure.

Wiebe: At er fit wie spile der faak mei us mei, mar wie dit jier wat faker blesseart. Waar je mee omgaat wordt je mee besmet! Skynt in fantastische crossbal te hawwen neffens us Linke trenert!

Jonnie: Bad hairday Jonnie is ien fan de jonge talenten. Ek ien fan de bongels wer't Hedzer mei samen wennet. Begeadigd linkspoatsje, moast earst ek efkes wenne oan us ofbraak foutbal, mar hat wol sjen litten dat er wat yn de mars hat.

Gerard: Tsjja Gerard, op e bek mei de fyts, heal dronken yn de dug-out by Drachtster Boys (wer't er in ferskrikkelyk smarge ruft liet) Moai op de film nei in jountsje stappen yn Grins.. Je meitsje wat mei at dizze jonge de kroeg yn gjit. Mar at er fit is en net oan't bekfechten is under de wedstryd mei Leo, dan is it in sierlike footballer, dy't eins centraal stean moat. Kriget syn kans fest noch wol!

In moai groepke mannen by mekoar Leo. En miskien wol it einde fan it tiidperk ONT 2 op leeftiid. It wurd tiid dat de jeugd it oernimmen gjit, mar dan mei wat minder drank yn de pit.

Leo, bedankt foar de leste trije jier. It wie wier net makkelik en soms wol swier. Do bleaust it kollektyf centraal stellen. In dartjounne, fretterij fan Kokkie Kamstra, neat wie tefolle.

We wolle dy dan ek bedanke foar de bisundere tiid en meitsje by dizze bekend, meestal was je een KLASSE vent.

Wy dogge dy dit shirt cadeau as oandenken oan de leste trije jier. Draag het vandaag met ferve en succes mei de fierdere carrière by de jeugd fan dizze moaie klub!

Hjoed noch ien kear it mes tusken de toskens jongens fan ONT 2, en sjong dan joun mar in kear it O ieliebeij of sa!

Succes!

Wesley